



**OP WEI NEI ROM**  
**(45 Seconds from Broadway)**

**In toanielstik fan**

**NEIL SIMON**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
**(Grimas Theatergrime verkoop)**  
**Tel: 072 - 5 11 24 07**  
**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**  
**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **OP WEI NEI ROM – 45 SECONDS FROM BROADWAY** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 1998 © BY Neil Simon, Ellen Simon en Nancy Simon**  
**Copyright Frisian translation: 2006 © by Neil Simon, Ellen Simon en Nancy Simon**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**  
**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **12** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Mickey Fox, man, 60 jier

Soloman Mantutu, Afrikaanske man, sawat 35 jier

Bernie, man, sawat 70 jier

Andrew, man, begjin 50

Charles, man, middelbere leeftiid

Harry Fox, man, 62 jier

Zelda, frou, sawat 70 jier

Megan, frou, begjin 20

Rayleen, frou, middelbere leeftiid

Cindy, frou

Arleen, frou

Bessie, Afrikaanske frou, middelbere leeftiid

## **DEKOR:**

It stik spilet him ôf yn it ytkafee neist de lobby fan ien fan de goedkeapere hotels yn it Broadway Teater Distrikt yn New York. Tsien of tolve tafels ticht op elkoar yn it diel wêr't je ite kinne. De tafels en stuollen binne fan donker beits hout. Op de taffeltsjes gjin tafelkleden, mar papieren placemats. Rjochts is de yngong oan de kant fan de strjitte, links de doar nei de lobby fan it hotel. Oan de achterwand hinget in grut tal foto's fan jonge akteurs en aktrises, allegear mei hantekening mar net ien is bekend. Achter in lytse bar is de yn - en útgong nei de keuken.

## EARSTE BEDRIUW

### “SIMMER”

*(sawat healwei tolven moarns. It tongert. In hurde klap. Reinwetter klettert tsjin de ruten oan de kant fan de strjitte.*

*It restaurant is sawat leech, der sitte allinne twa manlju, elk oan in kant fan de seal.*

*De iene is goed klaaid, foar yn de fyftich en sit tichteby it rût, it favorite plakje fan de fêste klanten. Hy besjocht in menukaart dy't in soad brûkt is en draacht in bril mei in bienen montuer. It is Andrew Duncan, in Ingelsman.*

*De man oan de oare kant is fan Afrikaanske komôf. Hy hat in fersliten jas oan en in oerhimd dat wol es in strykizer brûke koe. Hy yt sop út in grutte kop as wie er úthongere. Hy brekt stikken bôle ôf en doopt se yn it sop. Der stiet ek in kop kofje op syn tafel.*

*Ynienen giet de doar oan de kant fan de strjitte iepen en in man komt der hastich yn, wiet fan de rein. Hy hat in paraplu by him dy't binnenstbûten waaid is. It binnenwurk steekt alle kanten út.*

*It is Mickey Fox, in Joadske komyk, sawat sechtich jier, enerzjyk en alert)*

MICKEY: *(tsjin gjinien yn 't bysûnder)* Ferflokke paraplu! Judy Garland is noch út Kansas wei hjirhinne flein mei dat ding. *(hy sjocht Andrew)* Hoe is 't?

ANDREW: *(giet oerein en glimket)* Goed, tanke. Leuk om jo wer es te sjen. *(Mickey sjocht nei de man dy't sop sit te iten)*

MICKEY: Hallo. *(de man knikt ûndúdlik en jout syn oandacht wer oan it sop. Tsjin Andrew, tefreden)* At ik riede mochten hie welke produsint út Londen hjir op my siet te wachtsjen, dan hie ik dy keazen.

ANDREW: *(glimket)* Sa is 't mar krekt. Andrew Duncan.

MICKEY: Nim my net kwea ôf, Andrew. *(hy keart him nei de man dy't sop yt)* Net persoanlik bedoeld, hear, mar jo sjogge derút as ien dy't noch noait fan my heard hat... Sokke dingen gebeure... Mickey Fox, ik spylje yn it teater hjirneist... jo ha der gjin flau idee fan wêr't ik it oer ha... ik nim it jo net kwea ôf... ik sjoch in man dy't allinne sit, en ik beslút om goeie te sizzen... ik wit net hoe't ik fierder moat mei dit petear... *(hy hellet in fisitekaartsje foar 't ljocht)* Hjir ha jo myn kaartsje... lit dit mar sjen by de kassa, dan meie jo der foar de helte fan de priis yn... Goed? *(hy draait him om nei Andrew)*

ANDREW: *(wylst er Mickey de hân skoddet)* It is my in grut...

MICKEY: *(stekt de hân op, draait him wer om nei de man, Soloman)*  
Jou myn kaartsje es werom. *(Soloman jout it him. Mickey skuort it yn twaen)* Ik stean hjir al foar it twadde jier, **elkenien** mei der foar heal jild yn... *(hy skuort it kaartsje noch es dwerstroch, jout him in snipeltsje)* ...Hjir. Lit dit mar sjen, dan meie jo der foar acht dollar yn... *(raamt Soloman it snipeltsje út de hannen)* Lit ek mar sitte... Sis tsjin seis minsken op strjitte dat jo in fan binne fan Mickey Fox, dan meie jo der fergees yn en krije jo ek noch in doaske sûkelarjerezinen kado... We ha 't der noch wol es oer. *(tsjin Andrew)* Wêr wiene we bleaun?

ANDREW: Ik sei dat it my in grut, nee, in enoarm grut genoege is jo wer te sjen, menear Fox.

MICKEY: Sis asjebleaft gewoan Mickey... Net dat ik echt sa hyt... Gjinien yn myn famylje hat in echte namme. Ik ha in omke dy't "NEXT" hyt, en in muoike mei de namme: "OVER HERE PLEASE"... Myn oerpake waard "HOW MANY KIDS" neamd... wat letter ferbastere waard ta "HOWIE MANKITTS"...

ANDREW: No, yn Ingelân witte we allegear wa't Mickey Fox is... At ik it sizze mei, do bist ien fan de grappichste mannen dy't ik ooit tsjinkommen bin.

MICKEY: IEN fan de grappichste mannen? Wa wiene de oaren dan?... O, foar't we fierder geane, Andrew, jim soarte iten ha se hjir net, Ingelsk iten... Twiffles kinne se hjir net.

ANDREW: Dy kinne wy yn Ingelân ek net. Miskien bedoelst Trifle? Dat is in soort toetsje.

MICKEY: Dêr ha 'k wol es fan heard, mar ik ha it noch noait hân. It klinkt as triviaal, en ik hâld net fan triviaal. Ik wol wat substansjeels. Mar wolst asjebleaft ophâlde op dyn teepûdsje te kôgjen?

ANDREW: *(laket wer)* Ik laitsje my altyd in bult om dy. Do wurdst myn dea noch es.

MICKEY: No, no even net, sis... Ik ha begrepen datst jûn by myn show komst te sjen. Do bist myn gast fansels.

ANDREW: O, ik ha al kaarten besteld, mar tank foar it oanbod.

MICKEY: Do hast betelle? Wat in ûnsin... Mar ik wol dy net beledigje.. Trouwens, hast bern?

ANDREW: Ja. In soan.

MICKEY: *(jout Andrew de stikkene paraplu)* Kadootsje. Fan my foar dyn soan.

ANDREW: *(laket, nimt de paraplu oan)* Tanke.

MICKEY: Ik wit wol watst tinkst. Do tinkst: hy is net goed wiis, wier of net? Dat fyn ik sels ek. Omdat in normaal mins dit soort wurk net dwaan soe.

ANDREW: (*laket wer*) Dêr sit wat yn.

MICKEY: Goed, wat hiest my presys te bieden yn Londen? (*Andrew laket*) Moatst dêr ek al om laitsje? Dat wie doch in normale fraach.

ANDREW: Dat wit ik wol. Mar it is de manier wêrop atst it seist. Dyn timing. Do bist leuk sûnder it te wollen.

MICKEY: Tanke... at ik er no ek foar betelle waard sûnder it te wollen. Mar wat hiest presys yn gedachten foar Londen?

ANDREW: No, we tochten deroer om...

MICKEY: Foar'tst fierder giest, sorry dat ik dy ûnderbrek, mar ik ha in fraach. Hast in flau idee wêr'tst op dit stuit bist?

ANDREW: Wêr't ik bin?... Yn in bar oan de 46ste strjitte?

MICKEY: Mis.

ANDREW: 45ste strjitte?

MICKEY: Mis.

ANDREW: 47ste?... Sorry. Ik wit it net krekt.

MICKEY: Mis!... Watst ek seist, it is mis... en al hiest it goed, dan wie 't noch mis, want do kinst it ek net witte... Mar omdat ik dy graach mei sil ik it sizze... do sitst yn it lêste bastion fan wat froeger by it yllústere Broadway Teater hearde.

ANDREW: Wier? Hoesa?

MICKEY: Omdat do en ik oer in show sitte te praten. Gjinien praat mear oer in show yn in bar... Tsjintwurdich wurdt der oer concerns, fúzjes, bedriuwsoernamen, oandielen en obligaasjes praat, mar noait mear oer in show... Doch komme produsinten en eigners fan teaters dy't foar miljarden oan teaters besitte hjir te iten, en witst wêrom?... omdat it goedkeap is... Sjochst dy foto's oan de muorre?... Allegear jonge akteurs en aktrises wêr'tst noait fan heard hast wêr'tst fan je 'lang zal ze leven' noait fan hearre silst... omdat de eigners, Bernie en Zelda, sizze: "Stjerren ha gjin help noadich. Dizze bern ha ús help wol noadich" ... At dizze bar net mear bestiet, dan glidet hiel Broadway daliks ôf, sa de East River yn.

ANDREW: Dat klinkt tryst.

MICKEY: En it sit der oan te kommen... ynkoarten komt hjir in buro te sjen, Yahoo Cisco Micro, en dy giet in fúzje oan mei Time Warner Kellogs Rising Corn Flakes, en foar'tst it witst komt hjir gjinien mear. Wier of net, Bernie? (*Bernie, de eigner, komt út de keuken en rint nei de kassa by de bar*)

BERNIE: Sa is 't.

MICKEY: Mar dit is gjin gewoane trochsneed bar... Oan de oare kant fan de dyk sit er miskien wol ien, wêr'tst in bakt aai krije kinst en in Ingelsk oandwaande muffin, mar dan hast it ek wol hân. Hjir krijst

stooflapkes, ierappelpankoeken, hinneleverkes en boarststikken, begrypst? Dêrom neame se dit de “Poalske Tea Room”... en dêrom ite belangrike minsken as do en ik hjir, en net yn ien of oar hip, te djoer restaurant yn Soho-ho-ho... Begrypst wat ik bedoel?

ANDREW: Helendal.

MICKEY: Mar no oer dy show yn Londen, en tink derom: ik krij tweintich persint fan de winst en ik wol in eigen klaaikeamer, ek at we “Camelot” dogge. *(Mickey leunt achteroer, Andrew bûcht nei foaren en begjint it saaklike petear. Bernie rint nei de tafel fan Soloman dy't krekt it lêste bytsje sop nei binnen leppelt. Bernie, foar yn de santich, stiet rjochtop en sjocht der as in bear sa sterk út. Hy hat in grut bosk griis/wyt hier. Hy kin hiel noflik yn de omgong wêze at er dat wol, mar hâldt him net foar de gek. Hy stiet syn mantsje. Soloman drinkt syn kofje en sjocht ta hoe't Bernie in plakje cake foar him delset)*

BERNIE: Kin ik fierder noch wat foar dy dwaan?

SOLOMAN: *(praat sacht, mei in Afrikaansk aksint. Hy hat in beskaafde stim, wêr't je oan hearre kinne dat er goed oplieden is. Fatsoenlik mar net slaafsk, nettsjinsteande syn fersliten klean)* Wat is dit?

BERNIE: *(makket de rekken op)* Fjouwerdefjouwergebak. It komt krekt út de oven, dus it is noch waarm... yt mar lekker op. *(hy leit de rekken op tafel en wol fuort rinne)*

SOLOMAN: Ik ha net om gebak frege.

BERNIE: It is fergees. Mei de kompliminten fan de kok.

SOLOMAN: Jouwe jo dit oan al jo klanten?

BERNIE: Nee. Allinne at ik er sin oan ha. *(Bernie rint nei de kassa)*

SOLOMAN: At it in kadootsje is, ik ha helendal neat om werom te jaan.

BERNIE: *(bliuwt stean)* Dêr ha ik ek net om frege. Atst it net ha wolst litst it mar stean.

SOLOMAN: Ik wol it hiel graach ha. Tanke. *(hy brekt de cake yn twa stikken en docht ien helte yn in papieren servet yn de jasbûse. De oare helte yt er op. Bernie is nei de kassa rûn en kontrolearret de rekkens en bontsjes fan dy dei)*

ANDREW: ...Dus it is no net bepaald dyn One-Man Show. Do hast hiel wat optredens hân yn Londen en altyd mei in protte súkses.

MICKEY: Net wier. Net mei in protte súkses.

ANDREW: Ach, kom no. It wie elke jûn útferkocht.

MICKEY: En doch wie ik net súksesfol yn Londen... ik wie gewoanwei de grutste megastjer dy't dat lân oait hân hat... Der wiene jûnen dat it sels my net slagge om binnen te kommen... ik sis dit yn alle



dizenigens, ik wie better as de keninginne... mei alle respekt hear. Se is bêst grappich, mar har timing is oan de stadige kant. (*Andrew laket. Mickey pakt syn hân*) Hâldt no es op fan laitsjen en harkje... it probleem mei har is: se praat te Ingelsk foar de Ingelsen. De minsken yn it publyk sizze tsjin elkoar: "Wat beëamelt se no allegear? Kinsto har ferstean? Wa is dy keale fint achter har?" Se soe harsels folle better presintearje moatte... Dus hasto foar my in better oanbod? (*Soloman giet oerein en rint nei de kassa. Hy hellet wat jild út de bûse, sjocht dernei en sjocht dan nei de rekken*)

SOLOMAN: Op de rekken stiet fjouwer dollar tachtich... ik ha twa dollar en tsien sinten. (*hy lit it oan Bernie sjen*) Ik bin gjin swalker of bidder. Sis mar wat ik dwaan kin, dan sil ik arbeidzje om de rekken te beteljen.

BERNIE: (*sjocht him oan, suchtet sacht*) Doe'tst besteldest, wiststo doe datst net genôch jild hiest?

SOLOMAN: Ja. Dit is New York. Ik wist dat ik net folle krije koe foar twa dollar en tsien sinten. Mar ik hie hunger. Sis my asjeblyft wat ik dwaan kin. (*Bernie hat it allegear al es earder meimakke*)

BERNIE: Hoe hytst?

SOLOMAN: Wolle jo dat witte foar de plysje?

BERNIE: Nee, foar mysels. Hoe hytst?

SOLOMAN: Soloman. Soloman Mantutu.

BERNIE: Do komst hjir net wei, of wol?

SOLOMAN: Ik kom út Súd-Afrika... jo komme hjir doch ek net wei, wol?

BERNIE: Dat kloppet, mar dat betsjut noch net dat we famylje binne. (*de telefoan giet. Bernie nimt op*) Hallo?... Hoefolle wolst? (*hy bedekt de hoarn. Tsjin Soloman*) Myn frou. Wolst asjeblyft dêr even sitten gean? (*Soloman sjocht nei de stoel en giet sitten. Hy sjocht de oare kant op*) Mar do hast doch noch hieltyd koarts?... Zelda, it hat gjin doel om hjirhinne te kommen... it reint... en it is fierder net drok... alhiel net drok. (*hy draait Soloman de rêch ta en praat fierder yn de telefoan*)

ANDREW: (*tsjin Mickey*) Bist beskikber yn Septimber?

MICKEY: Septimber? Septimber? ...nee, ik sit fol yn septimber.

ANDREW: En yn july?

MICKEY: Yn july sit ik helendal fol.

ANDREW: O... en yn desimber?

MICKEY: Fol.

ANDREW: Jannewaris?

MICKEY: Fol... febrewaris, fol... ik bin altyd folboekt, oant myn dea. En dêrnei ha 'k ek noch frij drok. (*Bernie hinget op, sjocht Soloman*)

oan)

BERNIE: Wat foar wurk hast dien?

SOLOMAN: Yn Súd-Afrika? Skoalmaster.

BERNIE: Bist dêr foar nei New York kommen? Om les te jaan?

SOLOMAN: Nee, ik bin ek skriuwer. Ik bin nei New York kommen om myn toanielstik op de planken te bringen. Spitigernôch blykte dat er net genôch jild foar by elkoar brocht wurde koe, en sels net foar my om werom te reizgjen. Ik besykje út te finen hoe't de Amerikaanske Teaterwrâld yn elkoar stekt. Sis my asjebleaft wat ik foar jo dwaan kin. Ik wol sa gau as mooglik nei hûs.

BERNIE: Okee. Gean mar nei hûs. Do bist my neat skuldich. Dat is al bettere handel as atst mei dy produsinten dien hast... Gay gezint. Dat betsjut folle lok. *(hy jout in respektfol knikje)* Oant sjen, menear Soloman. *(Bernie nimt de hoarn fan de heak)*

SOLOMAN: Net foardat ik myn skuld betelle ha.

BERNIE: Soloman, ik sil wier net fan hunger stjerre sûnder dyn fjouwer dollar tachtich. Do silst dyn fleanticket ergens oars fertsjinje moatte. Gean dêrnei nei hûs en skriuw in toanielstik dat se moai fine sille yn Afrika. *(hy besjocht de rekkens)*

SOLOMAN: Ik ha wol earder kelner.

BERNIE: O, ik begryp it. Do stiest by my yn 't kryt, en no moat ik dy oannimme as kelner. En atst dyn hiele gesin meinimst om te iten en do kinst de rekken net betelje, dan moat ik seker in maatskip mei dy begjinne.

SOLOMAN: Jo ûnderstreekje jo arguminten wol op in hiel ekstreme wize. Dat liket my net noadich.

BERNIE: O, krekt. Ik leau dat ik begryp wat soart toanielstikken atst skriuwst. Oant sjen, menear Soloman.

SOLOMAN: *(lit Bernie syn horloazje sjen dat er om de pols hat)* At it net stikken wie, soe ik jo myn horloazje as ûnderpân jaan.

BERNIE: Witst wat dyn probleem is? Do bist te grutsk. Wês doch tefreden mei it witten dat ik dyn iten betelle ha en do my dêrfoar in net te fersmiten les yn Afrikaanske logika jûn hast.

SOLOMAN: Ha jo in tel om nei myn oanbod te harkjen?

BERNIE: Dyn OANBOD?? ...Soloman, ik ha leaver datst no fuortgiest... want at ik lilik wurd bring ik dy no noch dy cake yn rekken... en foar't ik it yn 'e gaten ha, ha we it oer myn bankboekje... Oant sjen. *(hy rint fuort. Soloman sjocht him nei, draait him om en giet fuort troch de doar fan de lobby)*

MICKEY: *(sjocht nei de menukaart, dan nei Andrew)* Hear es, Andrew. Ik wit datst my útnoege hast foar de lunch, mar hast der ek beswier tsjin at ik dêr wat by YT?

ANDREW: Krekt oarsom. Wat kinst my oanriede? *(hy besjocht de menukaart)*

MICKEY: Atst sîn bliuwe wolst, kinst better ergens oars hinne gean. Mar wolst ite sa as froeger by mem, dan sitst goed... en dan ha 'k it net oer JIM mem. Jim mem smiet ierdappels, wetterkers en sûkelarjekoekjes yn in panne, liet dat acht sekonden siede, en at it fiis smakke, sette se it op tafel... *(Andrew laket hertlik. Beide bestudearje se it menu. In jong, kreas fanke komt op troch de lobby fan it hotel. Se is foar yn de tweintich, draacht in skoudertas en makket in nerveuze yndruk. Se bliuwt stean as wachte se op ien dy't har fierder helpe sil. Bernie krijt har yn 't each en rint nei har ta)*

BERNIE: Wolst sitten gean of wachtest op ien?

MEGAN: Ik sykje in man dy't Bernie hyt.


BERNIE: Bernie? Dat bin ik. Wat kin ik foar dy dwaan?

MEGAN: Alles wat mar mooglik is. *(se sykhellet djip, yn en út)* Ik bin Megan. Megan Woods?... Ik bin fan 'e moarn mei it fleantúch út Ohio oankommen, mar ien fan myn koffers is weirekke... de goeie. Se sykje der noch om. En no woe ik my ynskriuwe yn it hotel, mar se kinne de boeking net werom fine. It is mar in lytse keamer, mar se kin it doch net werom fine, myn boeking, en de keamer dy't ik boekt ha is al fersein en it is al senuwslopend genôch om foar 't earst nei New York te kommen en dat dit dan ek allegear gebeure moat. Begripe jo?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**